

# Jierferslach 2020







KLEINTJE KEATSKAMP  
'SIMMER YN EASTEREIN'



ÛS JONGSTE LID OAIT (ELLE SCHURER)  
MAKKET TANKBER GEBRÛK FAN  
IT STARTPAKKET ;-)



GJIN KENINGSDEIPARTIJ... DAN MAR IN ORANJE KOMPETYSJEJÛN!



"ËN DE EARSTE BOPPELACH IS FOAR ..."



SLOTPARTIJ

# Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• It corona-jier 2020		4
• Oantekens ledegearkomste 11 maart 2020		5
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- 2020... Wat in seizoen...	Wedstriidkommisje	12
- It pakte hiel oars út...	Technyske Kommisje	12
* <i>Keatser fan it jier: it kaam as in folsleine ferrassing...</i>	<i>De Fitte Fitters</i>	13
- 2020, In falske start foar de FMK	Fjilden- en Materialekommisje	14
- Seizoen 2020, wat sille we der fan sizze...	PR-Kommisje	14
- Ek foar de jeugd wie 2020 in frjemd keatsseizoen	Jongereinkommisje	15
* <i>Priiswinners kompetysjekeatsen 2020</i>		15
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	16
* <i>Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach</i>		18
* <i>Eksploitaasjerekken 2020</i>		20
* <i>Ferklearring kaskommisje 2020</i>		20
- Keatskamp 2020 'Simmer yn Easterein'	Keatskampkommisje	22
• <b>Wedstriidferslaggen</b>		<b>24</b>
- Ledewedstriden		30
- Jong Fammen – Freule – Frouljus PC		32
- KNKB Klasseminten		32
• <b>Keatsmominten út 2020</b>		<b>33</b>



## Kolofon

Foto omslach: Stijn Kuiper tidens it Keatskamp fan 2020 (© Dian Dijkstra)

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Mattie Dijkstra, Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Judy Bergsma en Froukje Dijkstra

## HAADBESTJER

Dirk-Yde Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	06-54385633	Foarsitter
Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Skriuwer
René Rijpma	't Kleaster 8, 8734 HB Easterein	06-30918435	Ponghâlder
Danny Roos	de Singel 23, 8734 HP Easterein	06-36036611	Jongerein saken
Wiepkje Hiemstra	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	0515-333880	Algemiene saken
Chris Hoekstra	de Singel 8, 8734 HR Easterein	06-51066514	Technyske saken
Romine Jelsma	Vrijburg 16, 8734 GK Easterein	06-22709673	Wedstriidsaken
Ids de Boer	Griene Leane 23, 8734 GP Easterein	06-51971607	Fjilden en materialen
Fakatuere			Foarsitter PR



## JONGEREINKOMMISSJE

Danny Roos	de Singel 23, 8734 HP Easterein	06-36036611	Foarsitter
Geertje Sijbesma	Hofsleane 12, 8734 HK Easterein	06-17030584	Kompetysje saken
Klaas Sixma	It Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Alg./Fasilitaire saken
Marijke Jellema	It Risplân 3, 8734 HT Easterein	0515-333370	o pjeffe jongerein
Marit Kuperus			Alg./Fasilitaire saken
Peter Stuver	Sjaardaleane 5, 8734 GH Easterein	06-17446764	Kont.persoan teaml.

## FINANSJELE- EN STIPEKOMMISSJE

Tjeerd Dijkstra	Wynerdyk 10c, 8734 GG Easterein	0515-331600	Foarsitter
René Rijpma	't Kleaster 8, 8734 HB Easterein	06-30918435	Kontakt HB
Hendrik o kema	It Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-332223	Relaasje behear
Hendrik Kuiper	v. Eysingaleane 27, 8734 GD Easterein	06-46066337	Relaasje behear
Jan Simon Jelsma	Wynerdyk 11, 8734 GE Easterein	06-28452290	Relaasjebehear

## TECHNYSKE Ko MMISJE

Chris Hoekstra	de Singel 8, 8734 HR Easterein	06-51066514	Foarsitter
Sietske o kkeema	Wynserdyk 24, 8734 GB Easterein	06-27064705	Skriuwer
Jan Schurer	Smidslân 2, 8734 HH Easterein	06-46013938	Trainings koördinator
Johannes Hazenberg	Foarbuorren 7, 8734 HD Easterein	06-81465039	TK koördinator
Lysbet Schilstra	v. Eysingaleane 18, 8734 GD Easterein	06-30745420	TK koördinator
Fakatuere			TK lid froulju

## PR-Ko MMISJE

Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	06-48715808	Foarsitter
Judy Bergsma	Skippersbuorren 17, 8734 GT Easterein	06-11070135	Skriuwer
Jetske Sieperda	de Singel 9, 8734 HP Easterein	06-51951466	Jong Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Hofsleane 31, 8734 HM Easterein	06-23402564	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Dobbelân 4, 8734 GZ Easterein	0515-532609	Kleanbelied
Greet Jorritsma	Fabrykswei 9, 8734 HV Easterein	06-22289330	Redaksjelid

## WEDSTRIIDKo MMISJE

Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Foarsitter
Mirjam Reitsma	de Singel 8, 8734 HR Easterein	06-51682652	Skriuwer
Tjerk Politiek	De Ljurk 17, 8731DE Wommels	06-46080290	Wedstriidsekretariaat
Romine Jelsma	Vrijburg 16, 8734 GK Easterein	06-22709673	Wedstriidsaken
Tineke Kamstra	Stiftenserleane 1, 8734 HC Easterein	06-53416952	Algemeine saken
Wietse Vink	de Singel 30a, 8734 HR Easterein	06-54774931	Algemeine saken

## FJILDEN- EN MATERIALEKo MMISJE

Ids de Boer	Griene Leane 23, 8734 GP Easterein	06-51971607	Foarsitter
Klaas Sixma	It Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Fjilden jongerein

## WEBREDAKSJE

Wiepkje Hiemstra	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	0515-333880	Foarsitter
Marije Schurer	Smidslân 2, 8734 HH Easterein	06-30151578	Redaksje behear
Imke van der Leest	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	06-49942283	Redaksje lid
Sieta Tessemaker	Sjaardaleane 5, 8734 GH Easterein	06-20122296	Redaksje lid
Karin Sjaarda	Skippersbuorren 5, 8734 GT Easterein	06-24962215	Ein redakteur

## KEATSKAMPKo MMISJE

Imke van der Leest	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	06-49942283	
Sieta Tessemaker	Sjaardaleane 5, 8734 GH Easterein	06-20122296	
Selma de Boer	Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein	06-31499131	
Halbe Willem o veral	de Singel 11, 8734 HP Easterein	06-12575071	



## It corona-jier 2020

Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein fan 2020. It wie fansels in nuver jier. It wie in jier wêryn't de wrâld yn 'e kunde kaam mei it coronafirus. Hjirtroch ha wy spifigernôch ús keatsaktiviteiten fan midden maart ôf stake moatten. Dus gjin kaderjûn mei Foppe de Haan, gjin Keningsdei-partij, gjin Keatskamp en út-einlik ek gjin Jong-Feintepartij. Mar gelokkich koene der letter yn de simmer wol tal fan aktiviteiten troch gear en kinne we weromsjen op in bysûnder jier. Reden genôch om jim wer in moai jierferslach út te rikken.

Doe't minister-presidint Rutte op tongersdei 12 maart foar it earst in parsekonferensje joech oer it coronafirus, koene we ús noch net yntinke wat foar in jier we temjitte gongen en wat fan ynfloed dat ha soe op ús keatsseizoen. Us lede-gearkomste op de jûn derfoar, koe noch krekt trochgear, mar dêrnei moasten we al ús aktiviteiten annulearje.

Gelokkich koene we fan begjin maaie ôf de trainingen en it kompetysjekeatsen foar ús jongerein opstarte en net lang dêrnei mochten de senioaren – op oardel meter – ek los. Dizze senioaren koene it keatsfjild poerbêst fine op tongersdeitejûn. De dielname oan it kompetysjekeatsen lei yn 2020 mear as 60% (!) heger as yn 2019. Dat wolle we yn de takomst graach fêsthâlde. Fan july ôf mochten we wer ledepartijen organisearje foar ús jongerein en foar de senioaren en sa-dwaande ha we besocht om noch genôch aktiviteiten te organisearjen.

It wie ek in jier wêryn't ús **KF opjefte-@pp** harren yntrede dien hat. Dit is in WhatsApp-groep wêryn't keats(t)ers harren oanmelde koene foar it kompetysjekeatsen, it trainen en de ledepartijen. Dit hat ús tige goed foldien en dit sille we yn 2021 ek wer brûke.

Wat it kommende keatsjier ús bringe sil, wurdt noch omjûn troch in protte fraachtekens. We hoopje dat it ferantwurde is om der fan it begjin ôf in moai jier fan te meitsjen, mar de tiid sil it leare. We binne yn elts gefal alwer drok dwaande mei de tariedings.

As lêste noch graach in wurd fan tank oan al ús frijwilligers en stipers. We bliuwe it sizzen, mar wy ha gjin besteansrjocht sûnder jim. Yn it bysûnder ek tank oan ús PR-kommisje foar sa'n moai neislachwurk.

Ut namme fan it haadbestjoer wol ik jimme in protte lêsnocht tawinskje en wy hoopje dat we mei ús allen in coronafrij en sûn keatsseizoen temjitte gear.

Hooplik oant gau!

Dirk-Yde Sjaarda  
Foarsitter Keatsferiening Easterein



# Oantekens ledegearkomste – 11 maart 2020



**Oanwêzich:** Haadbestjoer: Dirk-Yde Sjaarda, René Rijpma, Wilma Sjaarda, Danny Roos, Bauke Dijkstra, Romine Jelsma en 35 leden

**Ofwêzich mei berjocht:** Marit Kuperus, Christian Hoekstra, Marco Hoekstra, Vera de Vries, Harm Auke Dijkstra, Boudewijn Kramer (Skoalleseize), Hans Kooistra, Judy Bergsma, Wiepkje Hiemstra, Tineke Dijkstra, Jetske Sieperda, Jan Schurer, Marije Schurer, Hendrik Kuiper, Tjerk o kema, Geertje Sijbesma, Hille Meijer

## Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. o antekens fan de foarjiersgearkomste op 6 maart 2019
4. Finansjeel ferslach:
  - rekken 2019
  - begrutting 2020
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2019
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
  - o ffredend en net ferkiesber: Bauke Dijkstra, foarsitter technyske komisje
  - Foardracht: Chris Hoekstra
  - o ffredend: Wilma Sjaarda, skriuwer
  - Foardracht: Fakatuere
  - Foardracht: Ids de Boer, foarsitter fjilden- en materialekommisje
9. Stikken KNKB gearkomste op 19 maart 2020
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
  - meidielings fanút de foarjiersgearkomste Federaasje Snits
  - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
  - ôfskied kommisjeleden
  - fakatueres: stân fan saken
  - takomst Jong-Feinte Partij
  - KF-jûn mei Foppe de Haan op 24 april
11. Wedstriidaginda 2020

12. Utrikking klassemintsprizen KNKB

13. o mfreegjen

14. Sluting

## 1. Iepening

- Dirk-Yde iepenet om 20.09 oere de gearkomste:  
"Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús ledegearkomste binne. In spesjaal wolkom foar ús eareleden: Tjeerd Dijkstra (komt letter), Jelle Fopma en Jan Hiemstra. Ek in spesjaal wolkom foar René Velzen fan de Skoalleseize én ús haadstiper Tom en Greet Couperus." Nei dizze wurden neamt Dirk-Yde de ôfmeldings op en ferfolget syn foarwurd: "Lykas oare jierren fielt dizze foarjiersgearkomste wer as in ôftraap fan it nije keatsseizoen. De dagen wurde wer langer, it oere komt der hast wer by en dan begjinne je stadichoan wer oan dat lytse baltsje te tinken. Tagelyk is dit ek sa'n momint om noch efkes werom te sjen op ús lustrumjier fan 2019. It wie in bomfol programma, mar wy ha der fan genoaten. Sa wienen der de prachtige foarstellings fan Kening op Sokken, mei foarôfgeand in badeintsjerace. De organisaasje fan spesjale ledepartijen, de NK froulju, de federaasjedei en in ekstreem hite Jong-Feinte dei. o p de manljus PC stiene Liset en Brecht samar te blokerinnen tusken de grutte mannen en organisearren we ferline jier foar it earst de jongereintrainingen, de keats-off en generale frouljus PC yn gearwurking mei KF Wommels. Fansels wie der ek de prachtige winst fan Roelie, Corrie, Nynke mei coach Ype op it NK famkes. Lêsten ha we dêr noch in gesellige resepsje foar organisearre. Dan wie der ek noch in moaie 3e priis fan Jeska op de frouljus PC en foar Imke wie dit har allerlêste optreden, se naam ôfskie mei in fertsjinne 2e priis. As lêste hienen wy ferline jier ek de KNKB manlju 50+ op besite mei mar leafst 12 Eastereiners op 'e list!

Letter yn dizze gearkomste meie wy jim, mei tank oan ús PR-kommisje, wer in prachtich jierferslach oanbiede. Dan kinne jim it allegearre noch efkes rêstich weromlêze.

Yntusken binne we alwer dwaande mei de tariedings op it kommende keatsseizoen. Ynkoarten sil der in Wallball klinik jûn wurde troch Roelie en Corrie, de koeke-aksje stiet wer foar de doar en we wolle it seizoen wer ôftraapje mei in KF-jûn. Dit kear komt Foppe de Haan del om te fertellen oer syn ferieningsgefoel. We gean los! Ik wol eltsenien in noflikke gearkomste tawinskje."

## 2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Punt 12 'Utriking klassemintsprizen KNKB' komt te ferfallen. *Ynkommen stikken:*
- Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

## 3. Ferslach fan de foarjiersgearkomste fan 6 maart 2019

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjiersgearkomste al tastjoerd krigen. Dirk-Yde freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > gjin fragen. Hjirnei wurde de oantekens fêststeld.

## 4. Finansjeel ferslach

- René jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2019 en de begutting foar 2020.

### Organisaasje 2019

Opbringsten	Begutting 2019	Rekken 2019	Rekken 2018
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen	0	0	0
Sponsorjild	3.050	3.250	3.250
Kontribúsje en trainingsjild	9.394	7.779	8.273
Aksjes	3.475	2.848	4.693
Subsydzje Gemeente	700	705	705
Subsydzjes en bydragen	0	2.600	0
Ferskate opbringsten	4.330	3.580	1.803
<b>Totaal opbringsten</b>	<b>20.949</b>	<b>20.763</b>	<b>18.724</b>

Utteften	Begutting 2019	Rekken 2019	Rekken 2018
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	218	161	150
Kosten wedstriden	150	271	111
Ferieningskosten	10.760	9.732	8.661
Hier sporthal, jild, materiaal	1.027	1.118	997
KNKB en Federaasje	3.595	3.495	3.816
Aksjes	1.550	1.199	1.548
Materiaal	963	4.173	1.759
<b>Totaal uitgaven</b>	<b>18.262</b>	<b>20.150</b>	<b>17.042</b>
<b>Resultaat</b>	<b>2.687</b>	<b>613</b>	<b>1.683</b>

### Wedstriden 2019

Opbringsten	Begutting 2019	Rekken 2019	Rekken 2018
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen	1.966	2.007	2.109
Sponsorjild	8.150	11.730	9.800
Kontribúsje en trainingsjild	0	0	0
Aksjes	1.785	1.711	1.581
Subsydzje Gemeente	0	2.000	0
Subsydzjes en bydragen	0	3.675	300
Ferskate opbringsten	800	1.056	1.141
<b>Totaal opbringsten</b>	<b>12.501</b>	<b>22.179</b>	<b>14.941</b>

Utteften	Begutting 2019	Rekken 2019	Rekken 2018
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	8.636	7.083	8.841
Kosten wedstriden	3.676	5.999	3.897
Ferieningskosten	1.385	1.290	1.154
Hier sporthal, jild, materiaal	814	1.004	480
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	365	314	305
Materiaal	310	255	30
<b>Totaal uitgaven</b>	<b>15.186</b>	<b>15.946</b>	<b>14.706</b>
<b>Resultaat</b>	<b>-2.687</b>	<b>6.233</b>	<b>234</b>

### Rekken 2019 (totaal)

Opbringsten	Begutting 2019	Rekken 2019	Rekken 2018
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen	1.966	2.007	2.109
Sponsorjild	13.200	15.230	13.050
Kontribúsje en trainingsjild	9.394	7.779	8.273
Aksjes	14.760	16.365	6.284
Subsydzje Gemeente	700	2.705	705
Subsydzjes en bydragen	5.000	9.275	300
Ferskate opbringsten	4.930	5.056	2.944
<b>Totaal opbringsten</b>	<b>49.950</b>	<b>58.417</b>	<b>33.665</b>

Utteften	Begutting 2019	Rekken 2019	Rekken 2018
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	8.853	7.292	8.991
Kosten wedstriden	3.826	6.402	4.008
Ferieningskosten	28.648	24.530	9.815
Hier sporthal, jild, materiaal	1.841	2.310	1.477
KNKB en Federaasje	3.595	3.495	3.816
Aksjes	1.915	2.593	1.853
Materiaal	1.273	4.949	1.789
<b>Totaal uitgaven</b>	<b>49.950</b>	<b>51.571</b>	<b>31.748</b>
<b>Resultaat</b>	<b>0</b>	<b>6.846</b>	<b>1.917</b>


### Eigen fermogen

	2007	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019
Kas	333	311	791	267	754	410	286	737	1.535	887	1.374
Bank	-80	785	1.325	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307
Sporekken	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.442	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000
Oerinnende posten	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	130	2.596	530	1.293
Munten (SK3)											450
Reservearring						1.300	3.900	6.794	10.894	11.994	13.093
<b>Eigen fermogen</b>	<b>12.424</b>	<b>13.331</b>	<b>13.298</b>	<b>13.495</b>	<b>13.496</b>	<b>14.338</b>	<b>14.028</b>	<b>15.407</b>	<b>14.567</b>	<b>16.484</b>	<b>23.330</b>
<b>Resultaat</b>	<b>190</b>	<b>907</b>	<b>874</b>	<b>197</b>	<b>0</b>	<b>842</b>	<b>-310</b>	<b>1.378</b>	<b>-840</b>	<b>1.917</b>	<b>6.846</b>

### Reservearrings

Kleanreservearring	€ 9.146
Reservearring keatskamp (€ 300 bringt totaal op)	€ 400
Reservearring Keats off & Generale	€ 387
Reservearring Ferskate materialen	€ 1.560
Reservearring Resepsje NK Famkes	€ 600
<b>Totaal</b>	<b>€ 12.093</b>

### Eigen fermogen



- René: "Undergrins kwa eigen fermogen leit op € 10.000, boppegrins op € 25.000."
- Dirk-Yde: "We binne finansjeel tige sûn, dit jout romte foar ynvestearings. Der is ûnder oare al ynvestearre yn 80 nije ballen (ek mei tank oan de Alfa foundation), nije mjitlinten en proppen."



## Begrutting 2020

Ynkomslen (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2020			Begrutting 2019
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	
<b>Kategory</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>
Ynlis wedstriden	0	2.166	2.166	1.966
Sponsorjild	9.250	9.200	12.450	13.200
Kontribúsje/Trainingen	7.854	0	7.854	9.394
Aksjes	3.650	1.650	5.300	14.760
Subsydjes/Bydragen	550	0	550	5.700
Ferskaot	1.455	900	2.355	4.930
<b>Totaal ynkomsten</b>	<b>16.759</b>	<b>13.916</b>	<b>30.675</b>	<b>49.950</b>

Uljefjen (ôfrûne op hiele €)	Begrutting 2020			Begrutting 2019
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	
<b>Kategory</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>
Prizen en krânsen	205	7.920	8.125	8.853
Kosten wedstriden, keatsclinics	100	4.652	4.752	3.826
Ferieningskosten	8.363	1.261	9.624	28.648
Hiersporthal, fjilden, materialen	646	685	1.331	1.841
KNKB en Federaasje	3.322	0	3.322	3.595
Aksjes	1.200	415	1.615	1.915
Materiaal	1.400	305	1.705	1.273
<b>Totaal Uljefjen</b>	<b>15.236</b>	<b>15.238</b>	<b>30.474</b>	<b>49.950</b>
<b>Totaal ynkomsten</b>	<b>16.759</b>	<b>13.916</b>	<b>30.675</b>	<b>49.950</b>
<b>Resultaat</b>	<b>1.523</b>	<b>1.322</b>	<b>200</b>	<b>0</b>

## Foarstel kontribúsje 2020

	2018	2019	2020	Ferskil
Kontribúsje seniôren	34,50	35,00	35,00	=
Kontribúsje jongerein	26,00	26,50	26,50	-
Trainingen jongerein				
- iedal	12,50	12,50	12,50	
- ijlid	17,50	17,50	17,50	
- beide	25,00	25,00	25,00	
Ynlis wedstriden				
- seniôren	3,00	3,00	3,00	-
- jongerein	2,00	2,00	3,00	1,-
- Fed. Snlfs			4,00	
- KNKB	3,00	3,00		

- Foar 2020 is der gjin kontribúsjeferheging fêststeld en bliuwe de bedraggen lyk oan foarrich jier, ek de trainingskosten bliuwe gelyk. Ynlis wedstriden KNKB en Federaasje gean mei € 1,00 omheech, dit wurdt letter yn de gearkomste fierder útlein.
- Tom Couperus: "Wat falt der ûnder de post kosten wedstriden? Der is ek al in post krânsen en prizen."  
René: "Under oare konsumpsjes, der wurde ek in soad kosteposten bymeoar setten ûnder dizze post." René sil dit thús útsykje.
- René: "o pbringst koeke-aksje wie yn 2019 minder as yn 2018, dit hat te meitsjen mei it oantal frijwilligers. Rabo club support hat mear opbrocht, dit hat te krijen mei de nije opset. Dit jier dogge we wer mei oan de Poesz jeugdaksje.

## Aksjes 2020

Opbringsten	Rekken 2018	Rekken 2019	Begrutting 2020
<b>Aksje</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>	<b>Euro</b>
Molkwarder koeke	1.393	858	800
Rabo leden / Club support	155	417	350
GEKE	261	112	100
Poesz	976	0	950
Jumbo Flessebonnen	224	262	(Moale) 250
Ferlotting Pearkekeatsen	82	253	250
Ferlotting JFP	758	752	750
Ferlotting Slotpartij	304	154	150

- Stipe yn tiid en jild is fan herte wolkom! Benammen mei de koeke-aksje, 30 en 31 maart, kinne we noch hulp brûke. o anmelde kin by it haadbestjoer."
- De gearkomste giet akkoard mei de begrutting foar 2020.

## 5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

- Marit Kuperus en Geertje Sijbesma ha de kaskontrôle dien, beide froulju binne fannejûn ôfwêzich mar ha harren befinings op papier setten: 'We ha de sifers neisjoen en dat blykt allegear wer te kloppen. René hat alles goed foar elkoar en de sifers wurde systematysk werjûn, wêrtroch wy alles goed fine koene. Ferline jier hiene we in puntsje fan oandacht by de koeke-aksje. It jild waard doe allinnich troch de ponghâlder teld en dêrnei ynboekt. Dit jier binne der ek foto's makke fan de opbringsten en is dit troch in oar teld. Letter hat René dit sels noch dien. Sa ha jo in ekstra kontrôle momint. Neist de sifers ha we ek in stekproef dien om de bonnen te kontrolearjen. Hjir wiene ek gjin flaters te finen. Wat dit jier ek dien is, is it tellen fan de munten. De KF hat munten fan de Skoallegezinde ynkoacht, hjirfan hat René ek dúdlik yn syn administraasje wat dêr oan útfjûn is, hoefolle der fan brûkt is en wat der dan oer wêze moat. Dit kloppet ek allegear.'
- Hjirmei wurdt decharge oan de ponghâlder ferliend. Marit Kuperus en Geertje Sijbesma wurde betanke, Marit har sit yn de kaskommisje sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Karin Sjaarda.

## 6. Presintaasje jierferslach 2019

- Foarsitter fan de PR kommisje, Mattie Dijkstra, nimt it wurd: "De ear giet út nei de driuwende krêften fanút de PR Kommissje: Greet Jorritsma dy't alle stikken fan de goeie stavering foarsjocht en Froukje Dijkstra dy't it jierferslach hielendal opmakket. Dit jier stean der mear foto's yn omdat de ferslaggen koarter wurden binne, foto's fan wedstriden graach maile nei webbehear dan kin we se brûke foar it nije jierferslach." Mattie oerlanget it ferslach oan Dirk-Yde. In wolferstjinnige applaus folget. Hjirnei wurdt it jierferslach útdield oan alle oanwêzigen.



## 7. Skoft

- Skoft fan 20.40 oere - 20.57 oere.

## 8. Bestjoersferkiezing

- o ffredend en net ferkiesber: Bauke Dijkstra, foarsitter technyske kommisje  
Foardracht: Chris Hoekstra
  - o ffredend: Wilma Sjaarda, skriuwer  
Foardracht: Fakatuere
  - o foardracht: Ids de Boer, foarsitter fjilden -en materialekommisje
- Bauke nimt ôfskied fan it haadbestjoer. Dirk-Yde sprekt him ta (stikje is skreaun troch Wiepkje):  
"Ik sil de bril spesjaal foar dy opsette. Foar de minsken dy't harren ôffreegje wêrom? Bauke hat der in gewoante fan makke om op foto's fan it bestjoer de bril fan Danny op te setten. Sa ast achter ús sjen kinst (foto yn Powerpoint-presintaasje mei skybril), hast der net allinnich binnen it bestjoer in hantsje fan...  
Ik kin it sa wol minder lêze, mar dat komt wol goed.  
En dán kom ik wol wer yn dyn strjitsje fansels; ha ik it papierke wol yn de hân, mar is dat inkeld foar de show. Nee... sa spontaan tinkend as dy kin ik net.  
It is ien fan dyn eigenaardich knappe eigenskippen. Do hast wurdfoarmings dy't sa skerp binne as in mes, hast foar alles in synonym en it komt út in hoeke dat je meastal earst stilfalle en dêrnei hast net mear bykomme fan it laitsjen. Ik neam gjin foarbielden, want dan binne se net spontaan en dus lang sa leuk net. It soarge der yn elts gefal foar dat de gearkomsten mei dy oangenaam wiene.  
Bauke, do nimst ôfskied as foarsitter fan de Technyske Kommisje en as bestjoerslid fan it Haadbestjoer.  
Do bist yn 2014 yn de TK kommen as kommisjelid. Hast dy benammen dwaande hâlden mei de trainingen. Trainers sykje, opjefte fersoargje, groepen yndiele, sporthal oan-freegje ensa. It kaam altyd goed.  
Yn 2018 trede Marten ôf as foarsitter fan de TK en hasto it stokje oernommen, al seist der fuortdaliks wol by dat it dyn foarkar net hie. En as der in ferfanger wie, datst dan wer ophâlde soest, ek al wie dat binnen de normale termyn. Wy hienen dêr fansels allegear frede mei, want tsjinwurdich binne je bliid dat der yn elts gefal minsken binne dy't it oppakke.

Binnen de TK naam Jan de trainingen oer en diesto wat mear de algemiene saken. It falt net altyd mei yn dizze kommisje. Je moatte in kar meitsje, minsken teloarstelle, ôfwagings meitsje. Faak mei freugde, mar betiden ek mei fertriet. It ferskynsel ienlingebeleid kaam nei foarren en ek de gearwurking mei Wommels is opsetten. Wichtige feroarings, mar dat komt ek goed. Stil stean is achterút gean sei in âld foarsitter en heit fan ...

It sit yn dyn karakter saken út te stellen, dêr hoege we net omhinne te draaien. Alles op it lêste momint. Guon sitte dêr dan oer yn, mar, do hiest it altyd wer regele. It kaam wol goed. Al betsjutte it ék faak datst dan sels yn aksje koest by in training, skoalprojekt of sokssawat. Wilma hie miskien wol wat mear sjen wollen datst de punten foar de bestjoersgearkomsten fan te foarren troch joechst. Mar hast yn styl ôfsluten, foarrige wike wie alles keurich op tiid. It komt dus echt goed!

Neist de TK hast mei Pytrik, Imke en Marije 7 jier lyn it keatskamp opsetten. In prachtich projekt foar de jeugd wat in grut súkses wurden is. En litte we dyn eigen keatserij net ferjitte. o p it heechste of ien nei heechste nivo alle wykeinen meidraaie. Krigest dan frij as bestjoerslid fan tsjinst, mar ast der betiid ôf wiest, kaamst meastal dochs wol om it hoekje sjen. Klasse.

It is dúdlik, do bist in man fan de praktyk. Litst de keatsferiening no earst efkes achter dy en giest in funksje yn-folgen binnen de fûgelwacht. It slút prachtich oan by dyn karriêre-switch, dêr't wy boppedat ek fan meigenietsje mochten. It is leuk om te sjen hoe ast dyn passy fûn hast, moaie ferhalen fertelle kinst en dyn ding yn de praktyk dwaan kinst. Sa sjogge je mar wer, it komt altyd goed!

Bauke, do meist no alle technyske snufkes oan Chris oer-drage. Tige tank foar dyn ynset, dyn ynbring en de glim op dyn gesicht. En hie ik al sein dat it goed kaam?!"

- Applaus foar Bauke folget. Hy krijt blommen en in Fryske keatsbal mei syn namme der op oanbean troch Dirk-Yde.
- o pfolger fan Bauke is Chris Hoekstra: hy wurdt foarsitter fan de technyske kommisje. De gearkomste giet akkoard mei syn foardracht troch middel fan applaus.



- Foar Wilma is noch gjin opfolg(st)er fûn, se bliuwt yn it haadbestjoer oant der in nije skriuwer fûn is mar sil wol minder njonkentaken dwaan.
- Ids de Boer wurdt foardroegen as foarsitter fan de fjildenen materialekommisje. De gearkomste giet hjirmei akkoard troch middel fan applaus.

## 9. Stikken KNKB gearkomste op 19 maart 2020

Dirk-Yde: Der binne 5 hammerstikken tidens de AV KNKB op 19 maart:

1. Ranking keppelje oan t.i.l. wedstriden  
Foarstel VvV Sjirk de Wal/Dronryp:
  - a. De keats(t)ers dy't yn de stân fan de ranking yn oanmerking komme foar de f.f. haadklassewedstriid stean automatysk op de list fan de t.i.l. wedstriid
  - b. T.i.l. wedstriden telle wer mei foar de ranking
 Foarstel KNKB: akkoard mei punt a, net akkoard mei punt b  
Foarstel haadbestjoer om akkoard te gean mei de KNKB. De gearkomste giet hjirmei akkoard.
2. opstapwedstriden by ôfdielingswedstriden jeugd  
Foarstel VvV Sjirk de Wal/Dronryp:  
Alle jeugdkeats(t)ers ha de mooglikheid om te keatsen by in ôfdielingswedstriid, by gjin partoer is oanmelding by de opstapwedstriid mooglik.  
Foarstel KNKB: yn 2020 pilot om by minimaal 1 wedstriid per jeugdkategory in herkânsingsronde ôfdieling op te nimmen. By gjin ôfdielingspartoer foarmje de 'los' opjûne keats(t)ers ek in partoer foar de herkânsingsronde.  
Foarstel haadbestjoer om akkoard te gean mei it foarstel fan de KNKB. De gearkomste giet hjirmei akkoard.  
➤ Talitha Dijkstra: "It bliuwt by 1 wedstriid?"  
Dirk-Yde: "Yn elts gefal wol yn 2020, KNKB wol dit wierskynlik útwreidzje. Keatsdei wurdt koarter en de organisaasje-druk nimt ôf, der sizze altyd in soad keatsers ôf foar de opstap."
3. Fêststelle kontribúsjebelied 2020  
Foarstel KNKB: o fdracht foar 2020 wurdt wer beferzen en fêststeld op € 16,54 foar senioaren en € 10,00 foar jeugdleden. Der wurdt € 1,00 ekstra oplein op de ynlis foar alle keatswedstriden (KNKB en Federaasje). Dit is gjin ferleging fan de ynkomen fan de ferienings mar in ferheging fan de ynlis foar de keats(t)ers. o p dizze wize komt de KNKB op it begrutte bedrach fan € 178.000,00.  
Foarstel haadbestjoer om akkoard te gean mei it foarstel fan de KNKB. De gearkomste giet hjirmei akkoard.  
➤ Tom Couperus: "Wêr hâldt it op? Der sille hieltyd minder leden komme, dus it bedrach wurdt dan ek hieltyd heger. De KNKB moat sels nei harren eigen kosten sjen."  
Dirk-Yde: KNKB wol, ûnder oare, besykje de KEATS! minder faak út te bringen as besuniging. Ek is de KNKB der mei dwaande dat de 'wylde' ferienings lid wurde fan de KNKB om wer ta mear leden te kommen."  
➤ Imke van der Leest: "Wurdt der genôch oan wurke fanút de KNKB om te besunigjen?"

Dirk-Yde: "Ja, der wurdt neffens ús goed oan wurke, der binne ûnder oare nije haadstipers bykommen."

Tjeerd Dijkstra: "Der komt foldwaande druk fan de ferienings rjochting de KNKB om hjir kritysk nei te sjen."

## 4. Statuten KNKB

Statuten bin hjir en dêr oanpast en foldogge no wer oan alle kriteria fan it No C NSF.

Foarstel haadbestjoer om akkoard te gean mei de wizigings. De gearkomste giet hjirmei akkoard.

## 5. Keatsreglemint 2020

Keatsreglemint is opfrist en hjir en dêr oanpast.

Foarstel haadbestjoer om akkoard te gean mei de wizigings. De gearkomste giet hjirmei akkoard.

## 10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits fan 3 maart. Bauke en Ids bin nei dizze gearkomste ta west. Belangrykste punten:
  - Finansjele status lit it ta om eltse feriening 10 keatsballen te jaan
  - As federaasje stiet it goed kwa organisaasje
  - Federaasje-wedstriden gean € 1,00 ekstra kosten om de begrutting fan de KNKB slutend te krijen, jeugd giet nei € 3,00 en senioaren nei € 6,00
  - Federaasjedei is dit jier yn Balk; der binne bussen regele om de bern dêr te bringen
  - Wurde bestjoersleden socht
- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize', René Velzen krijt it wurd:
  - Lestich om barfrijwilligers te krijen, we moat it mei ús allen dwaan! o anmelde kin by it bestjoer fan de Skoalleseize
  - Peloters wolle graach nije omheining om it MFT, der is in oanfraach nei de Skoalleseize gien kwa subsydzje (út it Undernimmersfûns)
  - Komt in nije silinder op it materialehok
  - Ynkoarten komt der in frijwilligersjûn
  - Abe Jan Stegenga: it MFT falt eins ûnder Doarpsbelang. Is it in idee om dit nei de Skoalleseize te skowen?  
Dirk-Yde: "We sille dit beprate mei de Skoalleseize."  
René Velzen sil it ek fêst binnen it bestjoer fan de Skoalleseize beprate.
- o fskied kommisjeleden:
  - FSK: Tymen Dijkstra
  - KKK: Marco Rijpkema (net oanwêzich), Marije Schurer (net oanwêzich)
  - JK: Annebeth de Jong (net oanwêzich)
- De ôfskiednimmende kommisjeleden wurde betanke foar harren ynset en krije út namme fan it haadbestjoer in bosk blommen oanbean. Tjeerd sprekt syn broer Tymen ta, hy hâldt nei 27 jier! op as frijwilliger fan de KF.



- Nije kommisjeleden:
  - JK: Peter Stuver
  - Webredaksje: Sieta Tessemaker
  - WK: Mirjam Reitsma en Wietse Vink (beide yn april 2019 begûn)
  - FSK: Jan Simon Jelsma
- Fakatueres, stân fan saken:
  - Haadbestjoer: skriuwer
  - Jeugdkommisje: algemien/skriuwer
 As der wat tusken sit foar immen; meld jim by ien fan it haadbestjoer!
- Takomst Jong-Feinte Partij
 

Dirk-Yde fertelt oer de plannen foar de Jong-Feinte Partij: Mei in wurkgroep besteande út: Jan Hiemstra, Tjeerd Dijkstra, Sipke Hiemstra (oprjochters JFP), Marco Hoekstra, Dirk Kuperus (KNKB), Bauke Dijkstra, Wilma Sjaarda en iksels fanút it HB, binne wy dwaande west de takomst fan ús Jong-Feinte te bepraten. Fierwei de measten sitte hjir yn de seal.

o anlieding yn algemiene sin is dat we altiten kritysk wêze moatte op datjinge dat wy as keatsferiening dogge.

En it grutste evenemint dat wy organisearje is de Jong-Feinte partij, dat ha we al 15 kear dien mei ferline jier in rekôr oantal partoeren fan 29. De keatsers witte it paad nei Easterein goed te finen. Mar we sjogge tagelyk dat de publike belangstelling op de 4e woansdei fan july net oerhâld. Dat hâldt ús al in pear jier dwaande.

Dat fûnen wy reden genôch om in wurkgroep yn te stellen om ús takomstplannen foar de Jong-Feinte partij te bepraten, mei ynbring fan de oprjochters, de KNKB en it hjoeddeistige HB. Wy ha yntusken 2x byelkoar sitten en kommende moandei folget it 3e oerlis.

Yn it earste oerlis ha wy de SWo T-punten fan de JFP op in rychje setten, de sterke en swakke punten fan de JFP en de kânsen en bedrigings yn de wrâld om ús hinne dy't we sjogge. Dêrút kaam it folgjende nei foarren:

### Sterktes

- organisaasje stiet as in hûs
- Frijwilligersploech/wy-gefoel
- Wurdearring keatsers
- Akkomodaasje/entoeraazje

### Swaktes

- Net in soad belutsenes doarp/leden (omjouwing)
- Unbekendheid by publyk en (jonges)keatsers
- Kosten-opbringsten

### Kânsen

- Junioarekeatsen libbet
- KNKB stipet ûndernimmerskip
- Partij yn wykein tagonklik
- Keppeling oan oar evenemint

### Bedrigings

- Konkurrinsje oare partijen
- Fakânsjeperiode/woansdei
- Eveneminten yn omjouwing
- Dielnimmers takomst

### Ambysje

- Mei de hjoeddeistige organisaasje as sterke basis, de Jong-Feinte Partij mear yn ferbining stean litte mei ús leden, regio en de keatssport

### Fisy

- o are dei/datum
  - Keppeling oan oar evenemint (Eastereiner keatswykein?)
  - o ptimale ynset 'marketing' (lading jaan mei bygelyks webside, sosjale media, 'aftermovie')
  - Fertsjinstemodell KF & Skoalleseize (en evt. oare ferienings)
  - Partisipaasje mei oare partijen mei in mienskiplik belang (KNKB, Federaasje, PC, Freule en eventueel oare ferienings)
- Tom Couperus: "Moatte mear minsken op ôf kommen gean, dat is dúdlik, dan eventueel fierder sjen, dus logysk dat jim foar in oare dei en datum kieze."
- Hindrik o kkema: "Logysk beslút."
- Dirk-Yde: "De plannen hoopje we út te fieren fan 2021 ôf. Dit jier sil de Jong-Feinte Partij noch gewoan op de 4e woansdei fan july wêze."
- KF-jûn mei Foppe de Haan op 24 april
 

Dirk-Yde: "Yn neifolging fan de kaderjûn mei Siebe Kuipers fan ferline jier organisearje wy no in KF-jûn mei Foppe de Haan. Us kaderleden en stipers wurde earst útnoege en krije de mooglikheid om harren op te jaan, dat kin by Wilma. Nei dy foarrangperiode (1 april) kin eltsenien oanjaan oft hy of sy komme wol."



We wolle eltsenien wol freegje om harren oan te melden by Wilma fia info@kfeasterein.nl. We wolle der mei syn allen in gesellige jûn fan meitsje!"

- Keatskamp → Imke van der Leest fertelt:
  - 28 o/m 30 april (tiisdei o/m tongersdei)
  - Tema: keunst
  - Hjoed wie de stunt op de legere skoalle & start opjefte
  - Foar kabouters (net sliepe) oant en mei de skoallejeugd
  - It wie de bedoeling it keatskamp mei KF Wommels te organisearjen, mar dit skowt in jier op
  - Fansels wer hulp nedich: trainers, bakkers, poetsers (stiet wer op opjefteformulier)
  - Marco Rijpkema helpt dit jier noch mei yn de tarieding mar sil net oanwêzich wêze tidens it keatskamp
  - Selma de Boer en Halbe Willem o veral binne nije kommissjeleden
  - Bûnte jûn is de woansdeis, elts is wolkom, ek op de oare dagen
  - Wurdt noch hulp socht foar de PR
- Kompetysje-keatsen → Dirk-Yde: "Kompetysjekeatsen foar de senioaren begjint (wierskynlik) op tongersdei 7 maaie. Foar de jongerein is dit 12 maaie. Dit moat alle-gearre noch al efkes ôfstimd wurde mei de Skoalleseize, mar dat komt fêst klear. As dit definityf is dan hearre jimme dat sa gau as mooglik."
- Gearwurking KF Wommels. Dirk-Yde:
  - Wy ha hjir lêsten ek wat oer fertelle mochten by in byienkomst fan de KNKB
  - Battle (dit jier wer yn Easterein) en ek 2 jongereinled-partijen (1x yn Easterein en 1x yn Wommels)
  - Dit jier de generale Frouljus PC yn Easterein en de keats-off yn Wommels.
  - Trainingen (seal en fjild), Federaasje docht ek mei yn de seal (37 bern út de federaasje)
  - Keatskamp wurdt dit jier noch net mei KF Wommels dien
    - Petra Jellema: "Is it ek in idee om it kompetysje-keatsen mei KF Wommels te kombinearjen? It frouljus keatsen rint yn Easterein rap werom."  
Dirk-Yde: "Terjochte opmerking, we sille dit beprate mei KF Wommels."
    - Tjeerd Dijkstra: "Ik bin fannejûn earst by de ledegearkomste fan KF Wommels west, dêr waard faak sprutsen oer de gearwurking mei ús. Je moatte besykje de minsken te entûsjasmearjen en nei it fjild sjen te krijen".
    - Taliitha Dijkstra: "Idee om wer kliniks foar âlders nije jeugdleden en leden te jaan?"  
Dirk-Yde; "We sille dit beprate binnen it bestjoer."

## 11. Wedstriidaginda 2020

- Wilma jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2020: 21 wedstriden yn totaal:

7 ledepartijen senioaren: 1 sneon, 5 snein, 1 moandei  
5 ledepartijen jeugd: 2 tiisdei, 1 freed, 2 sneon  
1 federaasjepartij senioaren: snein  
1 federaasjepartij jeugd: freed  
5 KNKB wedstriden: 3 snein (1x 2 kategoryen), 1 woansdei  
Stipersdei: snein  
BPC: freed

Nei oanlieding fan in fraach fan ferline jier om de opjefte-tiid foar ledewedstriden yn te koartsjen is der op 24 maaie in wedstriid dêr't opjûn wurde kin oant de dei sels

- Wizigings binnen de wedstriidkommissje:
  - Wietse nimt de opjefte en lotting foar ledewedstriden oer fan Romine
  - Groepsapp foar opjefte ledewedstriden is oanmakke, oanmelde kin by Wietse, Dirk-Yde en Wilma. We sitte der oan te finken om de opjefte-app ek te brûken foar it kompetysjekeatsen. Wurket goed yn Wommels.

## 12. Utrikking klassemintsprizen KNKB

Punt komt te ferfallen yn ferbân mei ôfwêzigens fan direkteur fan de KNKB Marco Hoekstra.

## 13. Omfreegjen

- Tjeerd Dijkstra: "o pjeffe en kaartferkeap foar De Freule giet fan dit jier ôf digitaal (krek sa as mei de PC)."
- Bauke Dijkstra: "De trainingen gean takom wike los yn de seal (yn gearwurking mei KF Wommels en Federaasje Snits), bin al 69 oanmeldings! Der wurdt noch socht nei trainers!"

## 14. Sluting

Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.35 oere: "Tank foar jim komst! De PR-froulju (Mattie, Akke Jikke, Greet) tank foar de katering. Noch inkele belangrike aktiviteiten:

- o p snein 29 maart in Wallball kliniek fan Roelie en Corrie yn de sporthal (15.30-17.30). Bist nijsgjirich? Wol efkes opjaan by it bestjoer.
- Yn de wike fan 30 maart komme wy by jim del foar de koeke-aksje. Alle hulp is wolkom!
- En fansels freed 24 april de KF-jûn mei Foppe de Haan. Set dizze alfêst yn jim aginda!
- Dêrnei op 27 april mei de Keningsdei Partij meie wy foar it earst yn aksje.
- KF-truien: bin der minsken dy't in KF trui wolle? Kin besteld wurde by de PR (Judy Bergsma).

De ôftraap is jûn foar dit keatsseizoen. Litte we der mei syn allen wer in moai keatsjier fan meitsje!

Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hús. Mar oars, wol thús!"

## 2020.... Wat in seizoen....

**Tsja, sa'n nuver seizoen krije we net wer hoopje wy! Troch de Corona-krisis kaam alles oars en lei ús wedstriid-aginda flink yn de hobbel. Earst like it der op dat it de hiele simmer neat wurde soe mar lokkich koene we dochs frij flot al begjinne mei trainen en kompetysje-keatsen en koene we de earste wedstriden begjin july opstarte.**

Al mei al ha we as wedstriidkommisje flink de skouders der ûnder setten om der noch in moai seizoen fan te meitsjen. En dat is úteins bêst goed slagge: itselde oantal wedstriden as oare jierren mar dan yn in tiidsbestek fan 2½ moanne dêr't we oars 5 moanne de tiid foar hiene.

Spitigernôch pasten dêr gjin KNKB wedstriden mear yn en dus ek gjin Jong-Feintepartij, dat wie wol nuver. Raar om dat net ta hoege te rieden, de foarwille te missen, de Jong-Feinte deisels net te belibjen mar seker ek de neiwille te missen. Mar

hooplik is takom jier alles wer 'gewoan' en pakke we de tried wer op sa't we wend binne.

o p nei in Corona-frij keatsseizoen yn 2021. Hooplik kinne we eltsenien dan wer ferwolkomje op ús keatsfjild!

Ut namme fan de wedstriidkommisje,

Wilma Sjaarda, Mirjam Reitsma, Romine Jelsma,  
Tineke Kamstra, Tjerk Politiek, Wietse Vink



### It pakte hiel oars út ...

**It is in bysûnder jier west en dus ek in bysûnder keatsjier. Foar my persoanlik myn earste jier as bestjoerslid fan de keatsferiening, it pakte hiel oars en in stik soberder út, dan wat op foarhân de bedoeling wie!**

Nettsjinsteande de tiid dêr't wy yn libje, binne der wol deeglik súksessen te beneamen. Tink hjirby oan de grutte opkomst by de trainingen, sawol by de jeugd as by de senioaren. Mar ek de opkomst by it kompetysje keatsen en de lede-wedstriden wie poerbêst!

It ôfdielingskeatsen stie dit jier troch in ûnsekere keatsaginda op in leech pitsje, wol is Easterein op de fjilden oanwêzich west by de Jong Fammen partij yn Mantgum en fansels by de Freule partij yn Wommels.

Yn algemiene sin tink ik dat eltsenien der dit jier alles oan dien hat, om dochs noch wat fan it seizoen te meitsjen, moai om te sjen hoe't elts belutsen is by de KF! Foar takom seizoen hoopje ik dat wy dizze line fierder trochsette kinne en dat elts mei in soad wille op de fjilden oanwêzich wêze sil!

Út namme fan de TK,

Chris Hoekstra

# Keatser fan it jier: It kaam as in folsleine ferrassing ...

Dat wy inkele jierren lyn yn it libben roppen binne as 'de Fitte Fitters' om perken te lizzen, wie fansels in gouden greep. It mes snijde oan twa kanten; it bestjoer waard drokte út hannen nommen en de fitters wiene wer efkes fan de dyk. Net dat we ús ferfeelden, mar we meie allegear graach de hannen wapperje litte, wat foar de mienskip dwaan en net te ferjitten ... we hâlde fan gesellichheid.

En doe kaam 2020, it jier dat foar elkenien as in tryst jier yn de boeken komt te stean. Gelokkich koene de keatsers dochs noch los op tongersdeitejûn. Wy ha doe, rekkenjende hâlde mei de covid-regels, de perken lein, dat wie foar de keatsers wol noflik oankommen om 19.00 oere.

Wy ha altyd wol it gefoel hân dat de keatsers en it bestjoer it tige op priis stelden dat wy de fjilden klear makken, mar de priis "keatser fan it jier", dêr hiene wy nea oan tocht. Dat kaam as in folsleine ferrassing. Wy fiele it dan ek as in grutte foarm fan wurdearring fan de keatsers.

Tige tank! Wy gean moai troch en sjogge út nei in koronafrij keatsseizoen.

## 'de Fitte Fitters'

Jan, Willem, Yde, Roel, Geert, Jelle, Lolke en Theo




## 2020, In falske start foar de FMK

Nei in jier staaze rinnen yn it fjildlizen by Christian foarrich jier, soe it yn 2020 heve. Begjin maart wie de offisjele ynhammering tidens de ledegearkomste en dêrnei stienen der noch mar in pear HB-gearkomsten yn de aginda foar de start fan it nije keatsjier. Yn de wike nei de ledegearkomste gie it lân op slot, moasten we samar yniens fia Skype en Teams oerlizze en wie it ûnwis oft der noch wol keatst wurde soe dit jier.

Doe't yn maaie it berjocht kaam dat we dochs wer it fjild op mochten wie dat fantastysk nijs fansels. En earlik sein wie it suver efkes sykjen, sa kamen we der tidens de earste kear kompetysjekeatsen achter dat it fangnet by it skelpepaad noch net foar de boskjes del lutsen wie. Mei hulp fan ús 'fytte futters' wie dat fansels foar de wike derop gau foar elkoar.

Tidens it úthingjen fan de netten kaam ek it idee om mei dit ploechje op tongersdeitemiddei de perken te lizen foar it kompetysjekeatsen, want ja, oars wie der ek net folle te dwaan. Dit wie fansels geweldich, want dan hoegden de trainers en keatsers foar it trainen om 19 oere gjin perken mear te lizen.



It wie in apart jier, mar úteinlik ha wy foar ús leden de measte partijen troch gean litte kinnen. En net te ferjitten, ha ek ús fjildlizzers eltse wike efkes moai de greide yn kinnen. Tige tank mannen!

o mdat de ballen de lêste jierren wat minder waarden, ha wy oan it begjin fan it jier 80 nije ballen kocht, 70 foar de leden en 10 KNKB-wedstriidballen. Wy ha by beide produsinten 40 ballen besteld om te testen hokker ballen better binne. Wy sjogge dêrby foaral nei hoe't de ballen har op de langere termyn hâlde, mar as jim foarkoar ha foar de ballen mei de blauwe of reade tekst fan 'KFE 20' dan mei jim dat fansels efkes witte litte. Foar de ein fan 2020 binne der ek noch nije proppen besteld, omdat de âlde proppen ek hurd achterút geane. Sa binne wy wer ree foar it nije jier.

Neat is seker, mar we hoopje der takom jier wer in moai jier fan te meitsjen mei in komplette keatsagenda, oant dan op ús moaie fjilden!

De Fjilden- en Materialekommissje,

Ids de Boer



## Seizoen 2020, wat sille we der fan sizze ...

**Tsja, wat sille we der fan sizze... seizoen 2020.**

**Gelokkich binne der in oantal keatstrainingen en keatswedstriden west. Mar dêrmei is it ek al gau sein.**

Wy hawwe it as PR-kommissje wol smoardrok hân dit jier. ☺  
Froukje hat in krystkaart makke en elts PR-lid hat wol mear as tsien krystkaarten rûnbrocht. Fansels wie it jierferslach wol in hiele put, dêr hawwe Greet en Froukje harren mei fermakke.

Al mei al hoopje wy dat we takom jier in langer ferslach hawwe.  
Mar gau ferjitte en foarút sjen!

Bliuw allegeare sûn!

De PR-Kommissje,

Akke Jikke, Froukje, Jetske, Mattie, Greet en Judy





## Ek foar de jeugd wie 2020 in frjemd keatsseizoen

It wie ek foar de jeugd wat in frjemd seizoen. Troch corona is der in soad net troch gongen. Lokkich ha de bern dit seizoen wol traine kind. Op snein 6 septimber hat de measte jeugd mei dien oan 'Kleintje Keatskamp'. Dit jier ien dei, in snein yn septimber, mar it waar wurke goed mei. Sawat 40 bern ha wille makke by it keatsen, de spultsjes en fansels it tradisjonele pankoek iten.

Neist it trainen en 'Kleintje Keatskamp' ha de bern ek it jierlike kompetysjekeatsen ferkeatst. Dit jier begûn it letter dan wy wend binne. Mar op it moment dat we wer los koene, binne de bern gau begûn mei it sammeljen fan punten troch sa folle as mooglik earsten te pakken tidens it kompetysje keatsen. Eltse tiisdeitejûn stride om in partijsje en eltse wike wer oefenje mei it opslaan en útslaan. Moai om te sjen hoe leuk en fanatyk der keatst wurdt. Dit jier binne der sels twa bern dy't de wikselbeker foar it 2e jier op rige mei nei hûs nimme.

Krekt as oare jierren wiene der dit jier ek 'echte' keatspartijen dêr't fanatyk striden waard om fansels de krânse. Op 25 july wie dan de earste keatspartij, it waard in echt feestje mei in springkessen en tidens de ferlotting in pryske foar alle bern.

Op 25 augustus ha de bern de âlder-bern partij ferkeatst en in pear dagen letter, op 28 augustus, moasten se alwer oan de bak foar it nachtkeatsen.

In koart mar moai seizoen foar de bern, dat hooplik takom jier in foller en better programma hat. Litte we it hoopje.

Dit jier gjin wikselingen yn it bestjoer. Wol hat Annebeth oan it begjin fan dit jier de jongereinkommisje ferlitten. Annebeth, tige tank foar dyn ynset foar de jeugd! Om dat Klaas Sixma it sa leuk fynt, bliuwt hy ús noch fersterkjen. Dat fine wy na-tuerlik hartstikke moai.

Alle trainers, fjildlizzers, fjildmeaners, minsken efter de tillegraaf, wedstriidlieders, barminsken, patatbakkers en oare helpende hannen, tige tank foar jimme ynset, geweldich!

De jongereinkommisje,

Danny, Geertje, Marit, Klaas, Marijke en Peter



### Priiswinners kompetysjekeatsen 2020

#### Kabouters

- 1e priis: Hieke Jellema (61 pnt)
- 2e priis: Elin Stoffelsma (57 pnt)
- 3e priis: Jelke Sijbesma (20 pnt)

#### Welpen Famkes

- 1e priis: Berber Sijbesma (58 pnt)
- 2e priis: Femke Paauw (57 pnt)
- 3e priis: Tryntsje de Jong (56 pnt)

#### Welpen jonges

- 1e priis: Thymen Santema (52 pnt)
- 2e priis: Bauke Jan Dijkstra (37 pnt)

#### Pupillen famkes

- 1e priis: Brecht Stegenga (48 pnt)

#### Pupillen jonges

- 1e priis: Jarno v/d Weij (50 pnt)
- 2e priis: Sander Velzen (46 pnt)
- 3e priis: Pieter Age v/d Weide (44 pnt)

#### Skoalfamkes

- 1e priis: Tjitske Joustra (37 pnt)

#### Skooljonges

- 1e priis: Jorrit Stap (39 pnt)



## Finansjele- & stipekommisje

It jier 2020 hat foar Keatsferiening Easterein en dêrtroch ek foar de finansjele- & stipekommisje yn it teken stien fan it Corona firus. Alle nijsgjirrige plannen en inisjativen foelen troch de beheining oangeande it Corona firus, gruttendiels yn it wetter. Yn 2020 hat de finansjele- & stipekommisje har benammen dwaande holden mei it yn lykwicht bringen fan de útjeften mei de ynkkomsten. Trochdat it programma fan 2020 mar beheind útfierd wurde koe, binne de útjeften op hast in tredde út kaam fan de begrutting. Omdat de ynkkomsten foar it grutste part levere wurde troch ús trouwe stipersgroep, de kontríbúsje fan ús leden, ferskate aksjes, fûnsen & subsydzjes en de ynkkomsten fan keatspartijen, ha wy yn oerlis mei alle partijen derop oanstjoerd om de ynkkomsten oan te passen oan de útjeften. Sadwaande binne wy eltsenien sa folle mooglik temjitte kommen en ha wy der betrouwen yn dat dit belied fertuten docht foar de takomst fan Keatsferiening Easterein. Uteinlik ha wy, mei tank oan ús stipers en alle frijwilligers, it frjemde jier 2020 yn finansjeel opzicht dochs noch posityf ôfslute kinnen.

Tidens de ledegearkomste fan Keatsferiening Easterein op 11 maart 2020, ha wy Tymen Dijkstra wijdweidich betanke foar alles wat hy foar de Keatsferiening dien hat. Mei yngong fan 2020 is Tymen opholden mei syn rol yn 'e finansjele- & stipekommisje. Sûnt de foarrige ieu (1998) hat hy lid west fan dizze kommisje en hat hy him op syn eigen wize fertsjinstlik makke foar Keatsferiening Easterein. Benammen it oandragen en regeljen fan ferskate fûnsen en subsydzjes, hat de keatsferiening in protte finansjele romte jûn. Sa koene wy al dy jierren de plannen finansjeel ferantwurde útfiere. Yn dy 22 jier

hat Tymen in protte stipers oandroegen, ek hat hy yn dizze perioade noch 5 jier lid west fan de jubileumkommisje yn it ramt fan it 100 jierich bestean fan Keatsferiening Easterein. Dizze perioade slute oan by syn 5 jierich foarsitterskip fan de Keatsferiening. Krekt as ús stipers binne trouwe frijwilligers as Tymen ûnmisber foar it fuortbestean fan ús keatsferiening. Nei 27 jier aktyf west te hawwen as bestjoers- en/of kommisjelid set hy foar no in punt efter dizze perioade. Wy kinne altyd noch in berop dwaan op syn kwaliteiten. Wy binne him tige tankber foar syn bydrage!



o fskie Tymen Dijkstra út de Finansjele- & stipekommisje op 'e ledegearkomste op 11 maart 2020.

o m't der immen de kommisje ferlit, moasten wy op syk nei in nij kommisjelid. Mei yngong fan 2020 sil Jan Simon Jelsma de finansjele- en stipekommisje fersterkje.

De taken fan de finansjele- & stipekommisje binne oer 2020 sa ferdielt west:

- Tjeerd Dijkstra: foarsitter en stiperkontakten
- René Rijpma: kontakt HB as ponghâlder, stiper-administraasje en stiperkontakten
- Hendrik o kkema: algemien lid en stiperkontakten
- Hendrik Kuiper: algemien lid en stiperkontakten
- Jan Simon Jelsma: algemien lid en stiperkontakten

Ek yn 2021 sille wy as finansjele- & stipekommisje, yn gearwurking mei it haadbestjoer en de oare kommisjes, der foar soargje dat alle plannen wer finansjeel ferantwurde útfierd wurde kinne en we hoopje fansels op in 'normaal' keatsjier. Yn 2021 sil René Rijpma ôfskie nimme as ponghâlder en as lid fan de finansjele- en stipekommisje. Syn opfolger, Ids de Boer, baarnt it yn om te begjinnen.

It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening Easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach en de algemiene taljochting hjirop fan ús ponghâlder René Rijpma.

### Stipers

#### Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

#### Haadstiper Jong-Feinte

Grafische Groep van der Eems Easterein

#### Kleanstipers

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Leanbedriuw o kkema Easterein

Installatiebedrijf De Jong Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

#### Jildstipers

o ranjeferiening o ranje & Heitelân Easterein

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Kapsalon 't Kniplokaeltsje Easterein

Posthuma Skilderbedriuw Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Leanbedriuw o kkema Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland Snits

MRW Accountants & Adviseurs Snits

Int. Handels- & Transportbedrijf Gebr. Vellinga B.V. Easterein

Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart Wommels

Jan Hiemstra Frjentsjer

Installatiebedrijf De Jong Easterein

B. Sandstra Mesthandel en Transport Easterein

Gebroeders Faber Grafmonumenten Easterein

Autoschadeservice van Krimpen

Mitselbedriuw Bo U-plus

Stifting Skoalleseize

Fo o X | Bergsma Franeker B.V.

Brouwers Schilders - Jimbar

Mondzorg Harkema

Boubedriuw Bootsma B.V.

Jouke Huitema

Altac Coating Group

Sporthuis A.P. van der Feer

Bakkerij Molkwar

Skylk

HDM Pipelines B.V.

Restaurant Bergsma

ECo style Group

WD-Sat

Rojo Steigerbouw

Libertas Technical Solutions

Wiersma Administratieve-

en fiscale dienstverlening

Maatskip Kuiper

Alfa Accountants en Adviseurs

Broekens

Wheagan

AB Vakwerk

Galema Chiropractie

Kamstra Steenhandel

Marten Faber Dienstverlening

#### Natuera-stipers

Juwelier Kramer

Bloemsierkunst De Vlinder

Bakkerij Posthuma

Murk's Slagerij

Stichting de Freulepartij

Sporthuis A.P. van der Feer

Restaurant Bergsma

Tjeerd en Mattie Dijkstra

Vebo Cheese

Coop

Poiesz

#### Klub fan 50

Klaas en Jeltje Pompstra

Durk en Siemy Douma

Eddy en Pep de Boer

Yde en Anny Sjaarda

Tjeerd en Mattie Dijkstra

Hans en Dieuwke Kooistra

De Finansjele- & stipekommisje,

Jan Simon Jelsma, Hendrik Kuiper, Hendrik o kkema,

René Rijpma en Tjeerd Dijkstra

Easterein

Wommels

Easterein

Frjentsjer

Wommels

de Harkema

Turns

Nijlân

Drachten

Boalsert

de Jouwer

Easterein

Ljouwert

Easterein

Easterwâlde

Wommels

Swifterbant

Winsum

Wommels

Easterein

Ljouwert

Ealahuzen

Wommels

Snits

Snits

Hinnaard

Easterein

Frjentsjer

Wommels

Wommels

Wommels

Wommels

Boalsert

Easterein

Easterein

Ljouwert

Winsum

Boalsert

Easterein

Kûbaard

Easterein

Easterein

Easterein

Easterein

Easterein

# Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

**2019... Wat in jier! Sa startte ik myn bydrage foar it jierferslach ferline jier. Ik hie doe nea betinke kinnen dat 2020 in noch folle bysûnderder jier wurde soe as 2019. Yntusken wit elts wol better en hat Corona ús yn mear of mindere mate allegear by de nuten.**

Troch wet- en regeljouwing, twingende advizen en it gebrûk fan sûn ferstân koene we spitiernôch net organisearje wat we graach woene. Mar, efterôf besjoen, ha de ledekeatsers it noch net sa gek troffen. Tusken de piken fan it oantal nije besmettingsgefallen troch, binne der dochs noch knap wat ledepartijen en trainingen organisearre.

As bestjoer ha wy besletten de kontribúsje dit jier foar de jongerein te ferleegjen nei € 10 om't der aardich minder organisearre is foar de jongerein, mar wy wol € 10 per jeuglid oan de KNKB ôfdrage moatte. Sjoen de ferhâlding tusken it oantal senioare- en jeugdleden hat dit gjin grutte gefolgen foar it resultaat. Foar de senioaren is de kontribúsje nammentlik ynkassearre lykas ein ferline jier begrutte is, omdat der foar de senioaren likefolle (sa net mear) partijen en trainingen organisearre binne as yn in "normaal" jier.

Ek ha wy de mooglikheden om subsydjes te krijen foar ferskate aktiviteiten net ûnbenut litten, sa koene wy foar de jongerein dochs noch foar ien dei in 'keatskamp' organisearje. Fansels hat dit ôfrûne, tige beheinde, seizoen ek gefolgen oan de kosten kant, as gefolch fan it net trochgean fan bygelyks de Jong-Feintepartij en de Haadklasse Froulju.

## Resultaat

De aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden dy't yn 2020 wol trochgean koene, binne nei reservearrings en opnames út reservearrings, mei in posityf netto resultaat fan € 3.930 ôfsletten.

Op it gebiet fan organisaasje is in resultaat fan € 2.721 behelle, wylst der in plus fan € 1.208 behelle is op 'e wedstriden. It resultaat op wedstriden is ûnderferdielt yn KNKB (€ 2.958), federaasje (€ 150) en leden (-€ 1.900). Hjirby moat al opmurken wurde dat in oantal stipersbydragen op KNKB-wedstriden boekt binne, ek al binne dy net trochgien.

De rekken 2020 wurdt, yn 'e Skoalleseize of online, yn de foarjiersgearkomste fan 2021 presintearre.

## Finansjele posysje en reservearrings\*

It gefolch fan it realisearre resultaat is dat it eigen fermogen yn 2020 groeid is fan € 23.330 oant € 27.260.

Yn 2020 is der € 100 reservearre (krekt as oare jierren) foar it lustrum fan it keatskamp en is der € 1.600 opnommen út de earder diene reservearrings. Dêrfan is € 1.000 oan nije proppen bestege en € 600 oan 'e resepsje foar de winners

fan it NK Famkes. Ek binne der noch in oantal reservearrings út it ferline dy't noch net ynset binne foar harren doel:

- € 9.146 foar nije klean
- € 360 foar de omheining fan it Pelotefjild
- € 300 foar it lustrum fan it keatskamp
- € 200 foar nije shirts foar de lieding fan it keatskamp
- € 200 foar nije mjitlinten
- € 387 as startkapitaal foar de kombinaasje Keats-off/ Generale Frouljus PC (mei KF Wommels)

Ek stiet der noch in bedrach fan € 341 op 'e balâns oan Skoalleseize-munten.

*\* It dwaan fan in reservearring soarget foar in delgong fan it resultaat en it eigen fermogen sûnder it banksaldo te beynfloedzjen, wylst in opname út in reservearring soarget foar in delgong fan it banksaldo sûnder dat dit it resultaat en it eigen fermogen beynloedet.*

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearings, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein der nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 oan te hâlden. Yn de grafyk "Untwikkeling Eigen Fermogen K.F. Easterein" dêr't foarrich jier foar it earst ek in boppegrins fan € 25.000 yn oanjûn is, is te sjen dat dizze "grins" yntusken al trochbrutsen is. Der is dus wol wat romte om te ynvestearjen, al moat de grins úteraard net it doel wêze. It bestjoer is drok dwaande mei moaie plannen om dizze romte te benutsjen.

## Stipers

De Corona-pandemy hat fansels ek ynflloed hân op in oantal fan ús stipers. Dêrom ha wy besletten om ferline jier mei de stipers te kommunisearjen dat we finansjeel sjoen, sûn genôch binne om it keatseizoen fan 2021 te begjinnen sûnder harren stipersbydragen fan 2020. We ha oanjûn dat alle giften úteraard wolkom binne, mar dat we der alle begrip foar ha as it dit jier efkes net past. Dit hat resultearre yn stipersynkomsten fan grofwei in tredde fan wat we de ôfrûne jierren binnen krigen. De stipers dy't stipe ha wol ik dêrfoar tige betankje. De stipers dy't net stipe ha wol ik freegje oft we wer ris del komme meie as de Corona it wer ta lit, om te sjen wat we yn 'e takomst foar elkoar betsjutte kinne. Ek wol ik alle stipers dy't lêst ha fan dizze krisis sterkte en trochsettingsfermogen winskje foar de kommende tiid.






### Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	2.721
Wedstriden	1.208
<b>Totaal</b>	<b>3.930</b>

2004	2005	2006	2007	2008		2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020
64	36	-409	137	275	Kas	333	311	791	267	754	410	284	737	1.535	887	1.374	1.692
2.345	79	312	427	268	Bank	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064	7.307	10.194
21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	Sparekken	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000	25.000
				-190	Oerfinnende posten	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.598	530	1.293	623
					Munten (SK5)											450	341
					Reservearings						1.300	3.900	6.796	10.896	11.996	12.093	10.593
<b>24.041</b>	<b>16.562</b>	<b>16.664</b>	<b>9.460</b>	<b>12.234</b>	Eigen fermogen	<b>12.424</b>	<b>13.331</b>	<b>13.298</b>	<b>13.495</b>	<b>13.496</b>	<b>14.338</b>	<b>14.028</b>	<b>15.407</b>	<b>14.567</b>	<b>16.484</b>	<b>23.330</b>	<b>27.260</b>
20.991	-7.479	102	-7.214	2.784	Resultaat	190	907	874	197	0	842	-310	1.378	-840	1.917	6.846	3.930



## Eksploitaasjerekken 2020

Saldy	31-12-2019	31-12-2020	Resultaat
Kas	1.374	1.692	318
Betelrekken NL17 RABo 0349 5019 04	7.307	10.196	2.890
Sparrekken NL 62 RABo 3495 1248 61	25.000	25.000	0
Munten SKS	450	341,25	-190
o errinnende posten	1.293	623	-669
<b>Totaal</b>	<b>35.423</b>	<b>37.853</b>	<b>2.430 (Bruto)</b>
<b>Baten</b>	<b>Rekken 2020</b>		
Ynkomsten partijen	1.091		
Stipersjilden	4.460		
Kontribúsje	6.040		
Trainingen (seal/fjild)	0		
Donateurs	709		
Aksjes	1.801		
Subsydzje Gemeente	548		
Subsydzje   Bydragen	500		
Kreditrinte	3		
Keatsclinics	0		
Ferskaat	821		
<b>Totaal</b>	<b>15.972</b>		
<b>Lêsten</b>	<b>Rekken 2020</b>		
Krânsen	957		
Prizen	1.716		
o rganisaasjekosten wedstriden	1.300		
Hier sporthal	0		
Hier sportfjilden/wetterskipslêsten	952		
Hier oare saken	0		
Trainers	519		
Ferieningskosten	3.083		
Aksjes	62		
Materiaal	231		
Federaasje	0		
K.N.K.B.	3.222		
<b>Totaal</b>	<b>12.042</b>		
<b>Resultaat (Netto)</b>	<b>3.930</b>		
<b>Reservearrings foar 2020</b>	<b>100</b>		
<b>Opname út reservearrings</b>	<b>1.600</b>		
<b>Resultaat bruto</b>	<b>2.430</b>		

## Ferklearring kaskommisje 2020

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei René Rijpma, ponghâlder fan keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn. Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2020 fan de keatsferiening Easterein.

Winsum, maart 2020

De kaskommisje, Geertje Sijbesma & Karin Sjaarda



*“It soe yn elts gefal moai wêze as dit jierferslach ek yn't argyf terjochte komt, sadat se, as de wrâld oer 100 jier wer ris in pandemy ferwurkje moat, witte hoet wy it jier trochkommen binne.”*

### Begrutting 2021

Dat der troch Corona net folle terjochte kommen is fan de begrutting foar 2020, mei yntusken dúdlik wêze. By it meitsjen fan de begrutting foar 2021, gean ik der fanút dat it in "gewoan" jier wurdt, ek al is dit suver (fannemiddei is troch it kabinet krekt in jûnsklok ynsteld) in bytsje tsjin better witten yn. De begrutting sil op 'e jierlikse ledegearkomste, yn 'e Skoalle-seize of online, fierder taljochte wurde.

### Aksjes

De Jumbo-flessebonaksje hat dit jier € 155 opsmitten. Dit jier wurdt dizze aksje yn macie hâlden, dus it opsparjen fan flessen en kratten kin begjinne!

De Rabo ClubSupport-aksje hat € 281 opsmitten. Dat is al wat minder as it resultaat (€ 367) fan 2019. Hjirby wol ik alfêst oproppe om dit jier massaal jim stim te brûken. Dêr't de Rabobank foarhinne in oerienkommen bydrage (fan 2007 oant en mei 2020 yn totaal € 8.250) as sponsoring oermakke, wurdt de ynfloed hjoeddedei by harren leden dellein. Elts mei in Rabo-rekken kin lid fan de bank wurde en dêrmei stimme mei de ClubSupport-aksje. Dus net stinne, stimme!

De ferlotting by de Slotpartij hat netto € 238 opsmitten. Litte we hoopje dat we kommend jier wer wat mear ferlottings hâlde kinne! Net fanwege de sinten, mar foaral omdat dat betsjut dat we wer gesellich efkes sitte en swetse kinne.



Minsken dy't de feriening in waarm hert ta drage wolle fia harren enerzjy leveransier, mei harren melde by GEKE. o erstappe is ienfâldich, en it smyt dochs elts jier wer € 37,50 foar de klub op + noch ris € 37,50 foar it doarp! Yn 2020 ha wy fan GEKE € 65,63 krigen. Dat hat wolris mear west moat ik earlik sizze.

Yn 2020 wiene we ek wer ynlotte foar de Poiesz-aksje. Troch de opkomst fan Corona hat Poiesz besletten de aksje healwei ôf te blazen en alle dielnimmende ferienings € 1.000 út te kearen. In moai gebaar fan 'e "Noardertrots". Foar 2021 binne we spitigernôch net ynlotte, mar we ha goeie hoop dat we yn 2022 wer meidwaan meie!

### Oan alles komt in ein...

Sa ek oan myn termyn as ponghâlder.

Ik ha in moacie tiid hân yn sawol it haadbestjoer fan 'e KF, as yn 'e finansjele- en stipekommisje.

Ik wol de bestjoers- en kommisjeleden, dêr't ik mei te krijen hân ha, betankje foar harren gearwurking. Yn it bysûnder wol ik myn foargonger Klaas Pompstra betankje foar syn geduld by it útlizzen/oerdragen fan de finansjele administraasje en skriuwer Wilma Sjaarda foar it oanbringen fan struktuer dy't ik nedich ha om saken te trochsjen. Ek wol ik alle stipers, lyts en grut, tanksizze foar harren finansjele stipe of stipe yn natuera. Sûnder jim bydrage hie de KF der hiel oars foar stien. Tige bliid bin ik mei lds de Boer dy't ree fûn is om myn funksje oer te nimmen, as de leden dêr gjin beswier tsjin ha. Ik winskje him by dizze in protte súkses en wille ta. Uteraard bin ik, as it nedich is, altyd beskikber foar rie en die!

Tidens it neitinken oer en it skriuwen fan dizze bydrage foar it jierferslach dwale myn gedachtes regelmjittich efkes ôf. Yniens freegje ik my ôf wat ien fan myn foargongers alle-gear by de ein hie, doe't de Spaanske gryp de wrâld oerfleach. Miskien kin ús earelid Jan Hiemstra dêr wat oer fine yn 'e argiven. It sil in sober barren west ha, it tredde lustrum. It soe yn elts gefal moai wêze as dit jierferslach ek yn't argyf terjochte komt, sadat se, as de wrâld oer 100 jier wer ris in pandemy ferwurkje moat, witte hoe't wy it jier trochkommen binne.

o ant sjen,

René Rijjma



## Keatskamp 2020 'Simmer yn Easterein'

**Snein 6 septimber wie it dan einliks safier. De bern koene nei it keatskamp. Y.f.m. korona dit jier ien dei. Mar fan dy dei ha we in moai spektakel makke foar de bern!**

It tema wie dit jier 'Simmer yn Easterein' én de kleur giel. Der kamen rûn 10.45 oere sa'n 40 bern, prachtich klaaid yn in giel shirt of yn oare simmerske klean en mei in moaie sinnibril op, by de Skoalleseize. By it passearjen fan de nammelist krigen de bern in moaie ansichtkaart en gongen se op de foto yn in ansichtkaart út Easterein.

De start fan it keatskamp bestie út in ferhaal dêr't simmerske foarwerpen nei foarren kamen. Ditselde foarwerp stie op de

ansichtkaarten fan de bern. Nei it hearren fan it foarwerp mochten de bern oer de stoarmbaan fan wol 14 meter! Wat in wille!

Nei de start binne de bern út ein set mei twa kear in keatspartij. Keatse, der kamen we dochs foar? Der waard in heal oere fanatyk en leuk keatst. Twa kear keatse, twa kear in oare maat.





Rûn 12.00 oere wie it tiid foar in hapke iten. It jierlikse pankoek iten en mei syn allen panne, panne, panne (koek, koek, koek) sjonge koe fansels net ûntbrekke. Mei man en macht is der bakt yn Easterein en omkriten en ha de bern genoaten fan de pankoeken. It rekord? In stik of 15? It soe sa mar kinne.

Nei it pankoek iten binne we it doarp yn gongen foar spul-tsjes mei... hoe kin it ek oars, it tema wie ommers Simmer... Simmer boartersguod sykje yn de sânbak, in strânbal foarút dwaan mei in wetterpistoal, ferklaaie yn ... jawol winterklean en dan in lekkere ferrassing troch snije, noch efkes gek jeie op de stoarmbaan, in simmerske memory, jeu de boules, cocktail meitsje en goaie mei wetterballonnen. Tuskentroch moast der ek noch besocht wurde om net tikke te wurden troch in pear fanatike tikkers. De bern ha harren, nettsjinsteande wat rein, tige fermakke.

Mei noch ien kear oer de stoarmbaan en noch even búkglydzje sit ek dizze edysje fan it keatskamp der op!

Hjir sjogge jim noch wat prachtige foto's fan ús geweldige deil! De bern en ek wy, ha genoaten!



## *Oant takom jier!*

Selma, Halbe Willem, Sieta en Imke



# Wedstriidferslaggen

## LEDEWEDSTRIDEN

### 05-07-2020: Ledepartij

Hjoed wie de start fan it keatsseizoen, yn july! Suver apart dat we wer keatse kinne en meie nei de Corona- perioade. Lokkich dat de maatregels wer soepeler wurden binne en we ús favorite balspultsje wer útoefenje meie.

Ek moai dat it waar meiwurke; juster rein en hurde wyn, hjoed allinnich mar hurde wyn en gelokkich in sintsje dat sa no en dan tusken de wolken troch kipe. Prima keatswaar!

Mei 10 froulju en 17 manlju in moaie opkomst sjoen de koarte oankundigingstiid.

De froulju keatsten yn in poule mei 4 partoeren sadat se allegear 3x keatse koene. Yn de lêste omloop troffen de 2 partoeren dy't beide partijen wûn hiene mekoar, dit waard dus dé wedstriid om de krânsen. Corrie Kroondijk, Tineke Kamstra en Karin Sjaarda lutsen hjir oan it langste ein en wûnen mei 5-2:6-2 ek harren tredde partij. Dêrmei fertsjinnen Jitske Plantinga en Mattie Dijkstra de 2e priis.

### Froulju

1e priis: Corrie Kroondijk, Tineke Kamstra, Karin Sjaarda  
2e priis: Jitske Plantinga, Mattie Dijkstra

Ek de manlju keatsten mei 6 partoeren yn in soarte fan poule neffens it saneamde 'Sneker systeem'. Twa partoeren hiene alle 3 partijen wûn: It partoer fan Hendrik Sweering, Tjeerd Dijkstra en Han Kooistra en it partoer fan Stefan van Krimpen, Tom Couperus en Jelle de Boer. o mdat beide partoeren ek eksakt deselde tsjin-earsten hiene kaam it dus op de tsjin-punten fan de lêste earsten oan. Mei 6 om 10 tsjin-punten behellen Hendrik Sweering c.s. de krânsen.

### Manlju

1e priis: Hendrik Sweering, Tjeerd Dijkstra, Han Kooistra  
2e priis: Stefan van Krimpen, Tom Couperus, Jelle de Boer

We ha in prachtige keatsdei hân! Mei tank oan de stipers-groep fan KF Easterein en alle leden dy't de hannen út de mouwen stutsen ha mei it opromjen en bar draaien, super!

Graach sjogge we jim gau wer op it keatsfjild.







### 19-07-2020: Ledepartij

De 2e ledepartij fan dit jier. Foar de manlju in gewoane list mei 12 partoeren. De froulju keatsten hjoed mei de sêfte bal yn in poule mei 6 partoeren yn it saneamde 'Sneker systeem'.

By de manlju wie it in spannende finale mei 'alles oan de hang'. De striid gong tusken Ids de Boer & Johannes Hazenberg en Robert Sijbesma, Pieter Porte & Han Kooistra. Mei in twongen kweaslach wûnen Ids en Johannes de krânsen. Dêrmei dus in 2e priis foar Robert, Pieter en Han. In 3e priis wie der foar Rémon Tie Bouma, Bas v/d Weij en Klaas Kamstra, sy ferlearen yn de heale finale fan Robert c.s. mei 5-1:6-6.

#### Manlju

1e priis: Ids de Boer, Johannes Hazenberg  
 2e priis: Robert Sijbesma, Pieter Porte, Han Kooistra  
 3e priis: Rémon Tie Bouma, Bas v/d Weij, Klaas Kamstra

By de froulju stie der gjin maat op Janieke Dijkstra en Mattie Dijkstra, sy wûnen alle 3 partijen en wiene hjirmei de dik ferfsjinne winners fan de krânsen. De 2e priis wie foar Jitske Plantinga en Kirsten Bijlsma, sy behellen 18 foar-earsten.

#### Froulju

1e priis: Janieke Dijkstra, Mattie Dijkstra  
 2e priis: Jitske Plantinga, Kirsten Bijlsma



### 25-07-2020: Ledepartij jeugd

Hjoed wie it wer sa fier! De jeugd mocht harren earste ledepartij keatse. o mdat wy as jongereinkommissje ek tige bliid wiene dat we wer keatse koene, ha we der in feestje fan makke. Der waard hjoed net allinnich keatst om de krânsen, mar ek koene de bern genietsje fan in springkessen en wie der foar alle bern in priis yn de ferlotting. Nettsjinsteande de rein yn de lêste oloop ha we in prachtige dei hân!

Der waard keatst yn twa listen. By de kabouters en welpen wiene der fyftjin keatsers yn seis partoeren. Hjirfoar ha we in moai systeem brûkt, wêrby't de bern dochs allegear trije kear keatse koene. Nei trije omlopen wie dúdlik wa't de winner fan de dei wurden wie mei trije oerwinnings. o m it twadde en tredde plakje wie it noch spannend. Der wiene trije partoeren dy't allegear twa kear wûn hiene en dêrom moasten we sels de tsjin-earsten telle. Foar de nûmers fjouwer, fiif en seis wie der in medalje as oantinken oan de moaie keatsdei fan hjoed.

o p de oare list waard keatst troch njoggen bern út de pupillen en skoaljeugd. Dat dizze twa categoryen oan elkoar weage binne, die oan de ein fan de dei wol bliken. Alle fjouwer partoeren hiene twa partijen wûn en ien ferlern. Dêrmei waard de partij dy't se ferlearen hiene dochs noch tige wichtich. Ek de tsjin-earsten moasten úteinlik noch mei teld wurde.

Hjirûnder de winners:

#### Kabouters/welpen

1e priis: Berber Sijbesma & Jildau Jellema  
 2e priis: Jelke Sijbesma, Bauke Jan Dijkstra & Tryntsje de Jong  
 3e priis: Hieke Jellema, Fenne Sijbesma & Renko Ynema

De medaljes wiene foar:

Femke Paauw, Thymen Santema, Pytrik Ynema, Sanne Frouk Dijkstra, Marrit v/d Weij, Elin Stoffelsma en Stijn Kuiper.



Pupillen/skoaljeugd

1e priis: Theunis Ynema, Sander Velzen & Pieter-Age v/d Weide

2e priis: Brecht Stegenga & Lars Steehouwer



Drokte yn 'e Skoalleseize tidens de priisútrikking en de ferlotting. De jeugd waard hjoed flink oanmoedige troch freonen en famylje!



**Klaas Sixma is hjoed ek efkes yn it sintsje setten!**

Hy soarget der eltse tiisdei wer foar dat alle perken foar it kompetysjekeatsen klear lizze foardat eltsenien op it fjild ferskynt. Eins sit syn termyn yn de jongereinkommisje der al op, mar hy set lokkich noch efkes troch. Dêr binne we tige bliid mei!





### 16-08-2020: Ledepartij

Troch it hiele moaie simmerwaar is de wedstriid in wike útsteld. Dizze kear in ledepartij mei opjefte oant sneins 12 oere. Tjerk o kkema hat hjir gebrûk fan makke.

Der wiene 15 manlju en 5 froulju, wêrtroch der yn oerlis besletten is om alles troch elkoar te goaien. Hjirtroch wie der in moaie list mei 8 partoeren. It wie noch hieltyd waarm, mar dat bedoarn de wille net. De finales koene moai op tiid los. Dizze gong tusken partoer 1 en partoer 5 en yn de ferliezersronde tusken partoer 3 en partoer 6. Yn beide finales kaam deselde einstân op de tillegraaf, nammentlik 5-2:6-6. Dit wie de útslach:

#### Winnersronde

1e priis: Danny Roos, Sipke Hiemstra, Karin Sjaarda  
2e priis: Rémon Bouma, Jos Houtsma

#### Ferliezersronde

1e priis: Redmer Wiersma en Tjerk o kkema  
2e priis: Hans Kooistra en Bert Couperus

### 23-08-2020: Pearkekeatsen

De jierlikse favorite partij fan de measte leden waard hjoed ferkeatst: pearkekeatsen! Der waard yn 3 klassen keatst.

Yn de A klasse sieten 4 partoeren dy't yn in poule keatsten, elts koe dus 3x keatse. Yn de lêste partij troffen de 2 bêste partoeren mekoar: Dirk-Yde Sjaarda mei Marije Schurer en Robert Sijbesma mei Wiepkje Hiemstra. Beide partoeren hiene de earste 2 wedstriden wûn en sadwaande waard dit dus in wiere finale. Dirk-Yde en Marije wûnen dit mei 5-4:6-2 en giene mei de krânsen nei hús.

#### A klasse

1e priis: Dirk-Yde Sjaarda en Marije Schurer (21 foar - 4 tsjin)  
2e priis: Robert Sijbesma en Wiepkje Hiemstra (18 foar - 10 tsjin)

De B klasse koe mei in gewoane list ferkeatst wurde. Yn de finale fan de winners stiene Sipke Hiemstra en Judith v/d Weerdtsjinoer Durk Haringsma en Jitske Plantinga. Durk en Jitske wiene hjir te sterk en wûnen mei 5-1:6-2 en hjirmei de hage. In 3e priis wie der foar Hotze Jellema en Connie Harkema.



De ferliezersronde yn de B klasse waard wûn troch René Rijpma en Judy Bergsma. Sy wiene yn de finale in maatsje te grut (5-0:6-2) foar Hans en Dieuwke Kooistra.

#### B klasse

1e priis: Durk Haringsma en Jitske Plantinga  
2e priis: Sipke Hiemstra en Judith v/d Weerdt  
3e priis: Hotze Jellema en Connie Harkema

#### Ferliezersronde

1e priis: René Rijpma en Judy Bergsma  
2e priis: Hans en Dieuwke Kooistra

De C klasse bestie út in poule fan 4 partoeren, ek yn dizze klasse koe elts 3x keatse. Yn de lêste omloop koe alles noch barre, se diene net foar mekoar ûnder. Uteins wiene de krânsen foar Tjerk o kkema en Tine Bouma, in 2e priis wie der foar Tom Couperus en Talitha Dijkstra.

#### C klasse

1e priis: Tjerk o kkema en Tine Bouma (16 foar - 11 tsjin)  
2e priis: Tom Couperus en Talitha Dijkstra (16 foar - 12 tsjin)

Al mei al wer in hiele moaie en slagge keatsdei! Fansels wer tank oan ús stipers foar it mei mooglik meitsjen fan dizze partij.

#### **28-08-2020: Nachtkeatsen jongerein & kompetysje winners**

Ferline wike wiene alwer de lêste wedstriden foar de jongerein. De wike begûn op tiisdei mei de âlder-bern partij. Dit jier waard dizze ferkeatst op de lêste kompetysje jûn, omdat

dizze jûn net mear mei telt foar it einklassemint fan de kompetysje. Der waard gesellich keatst mei sa wol heiten en memmen as omkes en tantes. Twa partijen keatse en tuskentoch efkes tiid foar gesellich in hapke en in drankje.

De freeds mochten de bern wer yn aksje komme tidens it jierlikse nachtkeatsen. Dizze prachtige jûn begûn mei patat en frikandellen ite yn de Skoallegeize. Dêrnei startten we mei de earste omloop. De measte bern moasten efkes omskeakelje en fregen harren ôf wêr't de "gewoane" keatsbal bleaun wie. Dit wie efkes wennen, mar dêrnei hiene de bern it aardich ûnder de knibbel. Nei dizze earste omloop binne de winners fan it kompetysje keatsen fan ferline jier efkes yn it sintsje setten en binne de winners fan de kompetysje fan dit jier bekend makke (sjoch ferslach jongereinkommissje). Hjirûnder de útslaggen fan it nachtkeatsen.

#### Winners nachtkeatsen 2020

Nei it útrikken fan de prizen fan it kompetysjekeatsen wie de twadde omloop fan it nachtkeatsen. In soad tuskenspul troch it keatsen mei de grutte bal, de bern koene der hieltyd better oan wenne. Ek waard it hieltyd donkerder. Dit kaam net allinnich troch de ûndergeande sinne, mar ek troch it minne waar yn 'e fierte.

Tusken de twadde en tredde omloop waard it sa donker, dat der glow-in-the-dark earbandsjes oan te pas komme moasten om fierder te keatsen. Nei in prachtige, drûge jûn, mei wat sfearfolle flitsen yn 'e fierte, binne dit de winners wurden fan it nachtkeatsen:





#### Kabouters/welpen

1e priis: Jildau Jellema en Hieke Jellema  
 2e priis: Bauke Jan Dijkstra en Tryntsje de Jong  
 3e priis: Fenne Sijbesma en Berber Sijbesma  
 Foar Hieke wie it hielendal in prachtige dei. Sy wûn hjoed har allerearste krânse en ek noch tagelyk mei har sus Jildau!

#### Pupillen/skoaljeugd

1e priis: Brecht Stegenga en Jorn Hiemstra  
 2e priis: Fianne Dijkstra en Tjitske Joustra  
 3e priis: Jarno v/d Wei

#### **29-08-2020: Nachtkeatsen senioaren**

Der stiene mar leafst 44 keats(t)ers op de list foar it nachtkeatsen! Mei in moai wiet fjild levere dat de meast spektakulêre glydpartijen op. Altyd leuk om nei te sjen, al moat je as dielnimmer je eagen oeral ha! Yn alle omlopen wie der wol in drege partij, wêrtroch it in lange nacht wie... Krekt foar 3 oere koene de prizen útrikt wurde.

#### Manlju

##### *A maat*

1e priis: Marten Faber (21 foar - 5 tsjin)  
 2e priis: Rémon Bouma (21 foar - 7 tsjin)  
 3e priis: Bote Jellema (21 foar - 7 tsjin mar 2 tsjin-punten mear yn de lêste earsten dan Rémon)

##### *B maat*

1e priis: Jorrit Veldman (21 foar - 3 tsjin)  
 2e priis: Abe-Jan Stegenga (21 foar - 5 tsjin)  
 3e priis: Jos Houtsma (21 foar - 6 tsjin)

##### *C maat*

1e priis: Tim Sweering (21 foar - 5 tsjin)  
 2e priis: Bas v/d Weij (21 foar - 13 tsjin)

#### Froulju

##### *A maat*

1e priis: Jitske Plantinga (18 foar - 9 tsjin)  
 2e priis: Marije Schurer (17 foar - 9 tsjin)

##### *B maat*

1e priis: Mattie Dijkstra (21 foar - 7 tsjin)  
 2e priis: Vera de Vries (18 foar - 11 tsjin)

##### *C maat*

1e priis: Jildou Couperus (17 foar - 10 tsjin)  
 2e priis: Martina Kooistra (16 foar - 10 tsjin)





### 13-09-2020: Stipersdei

Snein 13 septimber wie de stiperspartij fan 2020. Troch it Corona-firus koe it net yn macaie, mar ha we dizze partij oan de ein fan it seizoen setten.

o m 12 oere kamen 27 keats(t)ers binnen. Nei in lekker kopke sop en in broadsje koe eltsenien los. Trije omlopen mei tuskentroch noch in hearlik stikje oranjekoeke. It sintsje wie der lekker by en der wiene moaie en spannende wedstriden. Der is hurd strieden foar de prizen en der kaam dan ek wol wat rekkenwurk oan te pas om alle prizen te ferdielen. Twa kear 5-5:6-6 ferlieze en noch gjin priis.

#### A klasse

1e priis: Dirk-Yde Sjaarda  
 2e priis: Judy Bergsma  
 3e priis: Danny Roos  
 4e priis: Peter Stuiver

#### B klasse:

1e priis: Anne Bakker  
 2e priis: Hendrik o kkema  
 3e priis: Wietse Ligthart  
 4e priis: Wilma Sjaarda

#### Poedelprizen:

A klasse: Stefan van Krimpen  
 B klasse: Mattie Dijkstra

Noch in hapke en drankje en de dei siet der wer op. o p nei in nij jier, hooplik sûnder Corona.

Eltsenien tige tank foar jimme stipe oan de KF Easterein. Wy binne super wiis mei jimme!







## 20-09-2020: Slotwedstrijd

Hjirûnder folget de útslach fan de slotpartij fan it bysûndere keatsseizoen 2020.

### A klasse

- 1e priis: Rémon Bouma (21 foar - 10 tsjin)
- 2e priis: Wietse Vink (21 foar - 13 tsjin)
- 3e priis: Anco Elgersma (19 foar - 11 tsjin)
- 4e priis: Chris Hoekstra (18 foar - 9 tsjin)

### B klasse

- 1e priis: Jorrit Veldman (21 foar - 8 tsjin)
- 2e priis: Bas v/d Weij (21 foar - 9 tsjin)
- 3e priis: Selma de Boer (17 foar - 10 tsjin)
- 4e priis: Rutger Sijbesma (17 foar - 10 tsjin)

### C klasse

- 1e priis: Mirjam Punter (21 foar - 10 tsjin)
- 2e priis: Dieuwke Kooistra (21 foar - 10 tsjin)
- 3e priis: Karin Sjaarda (21 foar - 11 tsjin)
- 4e priis: Julia Paauw (18 foar - 9 tsjin)

### Kompetysje winners 2020 Manlju

- 1e priis: Roel Sijbesma 84 punten
- 2e priis: Hans Kooistra 82 punten
- 3e priis: Durk Haringsma 77 punten

### Kompetysje winner 2020 Froulju

- 1e priis: Wiepkje Hiemstra 82 punten
- 2e priis: Wilma Sjaarda 73 punten
- 3e priis: Liset Sijbesma 72 punten

### **Keatser fan it jier 2020:**

'De Fitte Fitters'

Eltsenien tige tank!

Stipers, frijwilligers en leden,  
graach oant it oare jier, we hoopje  
dat we dan wer in 'normaal' keatsjier ha!



## JONG FAMMEN – FREULE – FROULJUS PC

### 08-08-2020: Jong Fammen Partij – Mantgum

Foar Easterein keatse hjoed Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra en Corrie Kroondijk.

De 1e omloop winne se mei gemak fan Bertsum mei 5-0:6-0. Yn de 2e omloop komme se le tsjin, ek dit winne se frij maklik mei 5-1:6-0. Yn de 3e omloop moatte se tsjin Grins, dit kinne se net winne, se ferlieze úteinliks mei 1-5:4-6.

Grins stiet letter yn de finale tsjin Makkum, Grins wint dit mei 5-2:6-2 en is foar de 3e kear op rige de winner fan de Jong Fammen Partij.

### 19-09-2020: Freule – Wommels

Dit jier wie it wol in bysûndere Freule, net op in woansdei yn augustus mar op in sneon yn septimber en troch de corona-krisis ek sûnder publyk. Mar gelokkich koe de Freule dochs trochgean en die Easterein dit jier ek wer mei.

Foar Easterein keatsten Redmer Wiersma, Rutger Sijbesma en Arjen Stremmer. Spitigernôch ferlear Easterein yn de earste omloop mei 0-5:4-6 fan Spannum. Dronryp is de winner wurden fan de Freule 2020.

### 27-09-2020: Frouljus PC – Weidum

Dit jier wie de Frouljus PC troch de corona ek op in oare dei, nammentlik op snein 27 septimber. Der stiene dit jier mar leafst 6 Eastereiner froulju (1 âld Eastereiner) op de list.

Imke van der Leest wie ek wer fan de partij, eins wie se foarich jier al opholden mar se foel dit jier yn foar Sjanet Wynia. Mei har maten Margriet Bakker en Ilse Tuinenga wûn Imke in moaie twadde priis op dizze Frouljus PC, lokwinske!

Sietske o kkema mei Jeska Terpstra en Martzen Deinum ferlearen yn de earste omloop. Ek Roelie Kroondijk mei Klasina Huistra en Jennie Terpstra gongen der yn de earste omloop ôf. Tineke Dijkstra, Marte Altenburg en Louise Krol ferlearen yn de earste omloop nipt fan Ilse, Margriet en Imke.

Corrie Kroondijk, Wybrich Bakker en Fiera de Vries ferlearen yn de twadde omloop fan Ilse, Margriet en Imke mei 5-5:6-2. De winners fan de Frouljus PC 2020 wiene: Nynke Sijbrandij, Manon Scheepstra en Marrit Zeinstra.



## KNKB Klasseminten

Nr	Keatser	Punten
<b>14</b>	<b>Welpen famkes</b>	
<b>41</b>	<b>Pupillen famkes</b>	
<b>37</b>	<b>Skoalfamkes</b>	
27	Fianne Dijkstra	2
<b>40</b>	<b>Famkes</b>	
<b>9</b>	<b>Dames Junioaren</b>	
<b>60</b>	<b>Froulju 1e klasse</b>	
2	Corrie Kroondijk	14
18	Roelie Kroondijk	3
21	Sietske o kkema	3
22	Jesja Terpstra	3
43	Marrije Schurer	1
<b>26</b>	<b>Froulju Haadklasse</b>	
8	Tineke Dijkstra	10
9	Imke van der Leest	10
14	Jeska Terpstra	4
15	Sietske o kkema	4
26	Roelie Kroondijk	1
<b>Nr</b>	<b>Top trije measte punten Froulju</b>	
1	Corrie Kroondijk	14
2	Tineke Dijkstra	10
3	Imke van der Leest	10

Nr	Keatser	Punten
<b>19</b>	<b>Welpen jonges</b>	
<b>46</b>	<b>Pupillen jonges</b>	
<b>51</b>	<b>Skooljonges</b>	
<b>65</b>	<b>Jonges</b>	
48	Redmer Wiersma	1
<b>24</b>	<b>Manlju Junioaren</b>	
<b>25</b>	<b>Manlju 30+</b>	
<b>98</b>	<b>Manlju 50+</b>	
4	Roel Sijbesma	9
38	Anco Elgersma	4
57	Tjeerd Dijkstra	2
80	Simon Kingma	1
81	Sipke Hiemstra	1
93	Tjerk o kkema	0
<b>24</b>	<b>Manlju 2e klasse</b>	
<b>64</b>	<b>Manlju 1e klase</b>	
25	Jelte-Pieter Dijkstra	3
28	Bauke Dijkstra	3
33	Jan Schurer	2
<b>29</b>	<b>Manlju Haadklasse</b>	
16	Jelte-Pieter Dijkstra	2
<b>Nr</b>	<b>Top trije measte punten Manlju</b>	
1	Roel Sijbesma	9
2	Jelte-Pieter Dijkstra	5
3	Anco Elgersma	4

# Keatsmominten út 2020

## Febrewaris

UK-open Wallball yn Londen, froulju dûbel A: 1e priis Corrie Kroondijk

## July

- 18 Wylde 1e klasse partij yn Seisbierrum: 1e priis Corrie Kroondijk
- 25 Manlju 50+ A klasse yn Tytsjerk: 1e priis Anco Elgersma
- 25 Manlju 50+ B klasse yn Tytsjerk: 1e priis Roel Sijbesma
- 25 Froulju 1e klasse f.f. yn Dronryp: 1e priis Corrie Kroondijk



## Augustus

- 16 Manlju 50+ f.i.l. yn Frjentsjer Manlju: 1e priis Roel Sijbesma
- 16 Froulju 1e klasse yn Makkum: 1e priis Corrie Kroondijk
- 21 Federaasje jeugd yn Hommerts/Jutryp: 1e priis Liset Sijbesma
- 22 Froulju haadklasse yn Berltsum: 1e priis Tineke Dijkstra
- 22 Froulju 1e klasse yn Berltsum: 1e priis Corrie Kroondijk
- 23 Froulju 1e klasse yn Peins: 1e priis Corrie Kroondijk



## Septimber

- 4 Federaasje jeugd yn Skearnegoutum: 1e priis Fenne Sijbesma, 1e priis Brecht Stegenga en 1e priis Liset Sijbesma
- 6 Manlju 1e klasse f.f. yn Reduzum: 1e priis Jelte-Pieter Dijkstra
- 6 Froulju 1e klasse f.f. yn Reduzum: 1e priis Sietske Okkema en Jeska Terpstra
- 6 'Kleintje Keatskamp' yn Easterein
- 13 Froulju haadklasse f.f. yn Frjentsjer: 1e priis Tineke Dijkstra
- 20 Froulju 1e klasse yn Raerd: 1e priis Roelie Kroondijk
- 23 Manlju 55+ partij yn Wommels: 1e priis Geert Dijkstra
- 27 Frouljus PC yn Weidum: 2e priis Imke van der Leest



LISET, FENNE EN BRECHT YN SKEARNEGOUTUM, ALLE TRIJE IN 1E PRIIS!

